

1. FERHALEPRAAT

Taaldoel: Kin sûnder ta te rieden meidwaan oan in petear (yn petear B1).

Ynhâldsdoel: Neitinke oer de ferskillende karakters fan de haadpersoanen.

1.Start: We komme yn'e kunde mei it boek en de haadpersoanen. Lit de foar- en efterkant fan it boek sjen (kopiearje dit eventueel foar elts bern) en lit de learlingen yn groepkes trochprate oer de fragen: "Wêr sil it ferhaal oer gean? Wêr spilet it ferhaal him ôf? Hoe past dit boek yn it tema GiGaGroen?"

2.Kearn: Lês side 5 en 6 oan de wytrigel ta. Yn dit stikje komme de learlingen yn'e kunde mei de haadpersoanen. Bepraat mei-inoar: Wat fine de haadpersoanen moai? Wat net? Wêryn binne se itselde? Wêryn ferskillend? Hoe soene dizze bern nei de natoer sjen? Wêr kinst dat oan sjen? Yn hokker haadpersoan werkenst wol wat fan dysels? Fertel dêr ris oer.

3.Ofsluting: Wa fertelt it ferhaal?

2. PRAAT MAR TOANIEL

Taaldoel: Kin in koarte, ienfâldige tekst lêze (lêze A2).

Ynhâldsdoel: Ferpleatse yn in rolfiguer en in tekst mei gefoel lêze.

1.Fertel de groep: 'Annemoon is nij op skoalle. Se hat in pear famkes út har groep by har thús útnûge. Se sitte yn de tún.'

2.Lês foar: Side 22 (fanôf: 'Hast alle famkes...') oant en mei 24 (boppe oan: '..... Grytta har beppe.')

3.Bepraat mei elkoar: Oer wa prate de famkes? Soe it allegear wier wêze wat se sizze? Is dit rabjen (=roddelen)? Wat tinke jimme? Hoe sjocht in toanieltekst derút? Wat is in klaus? (In klaus is in part út in toanieltekst dat troch ien toanielspeler achter inoar sein wurdt.)

4.Opdracht yn twatalen: Brouwe mei klausen. Fertel: 'Dizze sân klausen steane troch elkoar. Meitsje tegearre in moaie folchoarder en lês de sêne. Feroarje de folchoarder. Lês de sêne wer. Feroarje de folchoarder krekt sa faak oant jim tefreden binne. Of kin it noch moaier? Betink der dan nije klausen by. Skriuwer ek by wa't dat seit.TIP: Brûk <https://frysker.nl/oersetter/>.

Gerbrich: *Us heit hie pine yn 'e rêch en hat nei har ta west om salve. Us mem fûn dat belachelik!*

Joukje: *Jawis. De Boskhekse! Dy wennet hielendal allinne yn in húske, djip yn de bosk.*

Myrthe: *Witst net dat har beppe in soarte fan heks is?*

Sterre: *Se makket drankjes en saffkes fan de krûden út har tún.*

Annemoon: *Ha wy in heks hjir yn it doarp? In echte? Mei in toverhoed op?*

Sterre: *Grytta's beppe wit alles fan de natoer. Se kin elk blomke en bledsje by namme.*

Joukje: *Se wit presys wêr't wat groeit.*

5.Oefenje: Lit de bern de sêne goed oefenje.

6.Presentearje: Lit de bern de sênes oan elkoar sjen.

3. TAALRÛNTE

Taaldoel: Kin in koarte, ienfâldige ûnderfiningstekst skriuwe (skriuwe A2).

Ynhâldsdoel: Byldzjende wurden brûke foar in favoryt plak yn de natuer.

1.Ynlieding: Lês side 41 o/m 43. Fertel hoe moai de beskriuwing fan de natuer is in dit stik fan it boek. Fertel oer in kear datsto in prachtich plakje yn de natuer seachst, beskriu it en fertel wêrsto fan genoaten hast.

2.Praatrûnte: Lit de bern fertelle oer de kear dat sy yn de natuer wiene en genoaten ha fan in plakje.

3.Listje meitsje: Lit de bern in listje meitsje mei wurden oer dat spesjale plakje yn de natuer (tink oan byldzjende wurden dy't passe by dat plakje, wat seachst, heardest, rûktest en preaust?).

4.Praatrûnte: Lit de bern yn twatalen fertelle oer dat moaie momint yn de natuer.

5.Skriuwe: De bern skriuwe in ûnderfiningstekst oer dy kear yn de natuer.

6.Tekst beprate: Oan de ein fan de les lêze in pear bern it ferhaal foar. Besprek de tekst op de neamde punten (opbou en byldzjende wurden). Hjirnei beprate de bern yn twatalen harren tekst oan elkoar.

7.Moaier meitsje: Lit de bern de tekst nei de besprekking op 'e nij skriuwe en moaier meitsje om de tekst op te hingjen (publisearje).

GI-GA-GROEN

HEKSE GRYTТА

BERNEBOEKEWIKE 2022

4. TINK DY TÛK!

Taaldoel: Kin sizze wat hy/sy tinkt (yn petear B1).

Ynhâldsdoel: Wizer wurde oer it begrip lokkich troch fanút it perspektyf fan de natuer te tinken en te praten.

1.Ferwûnderje: Fertel: 'Jim ha krekt in ferhaal skreaun út jim eigen perspektyf wei. Yn it boek Heksegrytta wurdt fanút meardere perspektiven skreaun, der binne in soad perspektyfwikselns fan minsken. Wat as de skriuwer it perspektyf fan in bist of beam neamd hie? Hoe soe dat bist tinke of wat soene de beammen dwaan? Yn it deistich libben hearst wol: jou de natuer in stim. Dat sille we no besykje yn in spesjaal filosofysk petear: 'It parlemint fan dingen'.

2.Perspektyf kieze: Elts bern kiest wat út de natuer (bygelyks in ikebeam, in foks, in pingo, ...), skriuwt dit op in white-board en hâldt dat foar syn bûk sadat elkenien it lêze kin. Yn it filosofyske petear tinke se no net fanút harsels mar ferpleatse se har yn it perspektyf fan it ding dat se keazen ha út de natuer.

3.Filosofearje: 'It parlemint fan dingen'. Fertel: 'Yn de bosk is Grytta lokkich. Wannear 'bisto' lokkich?'

-Bist lokkich ast ite kinst?

-Hasto oaren nedich om lokkich te wêzen?

-Op watfoar plak bisto it lokkichst?

-Meitsje minsken dy lokkich?

-Makket jild dy lokkich?

-Wêr wurdt elkenien lokkich fan?

4.Ferankerje: Lústerje mei elkoar nei de podcast fan Paulien de Eik.

<https://www.staatsbosbeheer.nl/wat-we-doen/natuurverhalen/groene-oren/eik>

6. FAK-TAALFORMULE

Taaldoel: Kin de haadgedachten yn in langere (foarlêzen) tekst begripe (Harkje B2).

Ynhâldsdoel: In oantal ytbere en genêskrêftige planten út Fryslân kenne en harren nammen en eigenskippen yn meardere talen derby skriuwe kinne (yn alle gefallen Nederlânsk en Frysk).

1.Yntroduksje: Lês foar: side 21 -24, 28 (fan de wytrigel ôf o/m de ien nei lêste rigel), 87 (fan de ûnderste wytrigel ôf oant 88 earste wytrigel).

2.Kwis: Jou de bern in griene en in reade kaart. Neam 10 ferskillende planten (yn it Frysk). De learlingen hâlde in kaart omheech as sy tinke dat in plant wol (grien) of net (read) te iten is.

3.Prate en skriuwe: Besprek yn groepkes: hokker ytbere of genêskrêftige planten jim kenne? Hokker " funksje " hawwe se? Smaak? Geur? Pine fermindering? (sjoch YMU webside). Kies ien plant en skriu de namme op in grut stik papier. Skriu alles derby wat jim witte fan dy plant . Doch dit yn it Frysk, Nederlânsk en oare talen.

4.Ofsluting: Lit de groepkes in presintaasje jaan fan har plant. Tink derom dat de ynhâld en de taal omtinken krije.

7. LIT DY GEAN

Taaldoel: Kin feitlike ynformaasje gearfetsje (skriuwe B1).

Byldzjend doel: Mei kleurpotloaden in plant mei skaad tekenje.

Nedich: Elk bern in plant of blom, A5 goede kwaliteit tekenpapier, kleurpotleaden, punteliper, fineliner.

Opdracht: Tekenje mei kleurpotleaden in plant nei en meitsje mei dyn groep in Fryske 'planten-by-dy-yn-de-buert-tentoanstelling'.

1 Lis de plant foar dy del.Skets de grutte foarm fan de plant sêft mei in dûnkerblau potlead. Brûk gjin gom.

2 Sjoch goed nei de kleuren fan de plant. Ming kleuren op papier. Tekenje skaad mei dûnkerblau.

3 Skriu yn it Frysk(of in oare taal) op in kladbriefke: Wêr hast de plant fûn? Wêr groeit de plant? Kinst de plant ite?

Wat is de genêskrêftige wurking? Lit it oan in oare learling lêze en ferbetterje tegearre de tekst.

4 Skriu it mei in fineliner yn moaie letters oer op dyn tekening.

5 Besjoch mei-inoar de wurkstikken: Wat wie dreech? Wat is slagge? Wat hast ûntdutsen? Hoe is it mei it Frysk skriuwen gien?

9. SOUNDSCAPE

1.Ynspiraasje: Lês it gedicht 'Ik bûnte smid' út it boek Tsjilp! (sjoch webside). Dit einiget mei: 'hear my op it ambyld hakjen'. Hoe heart dat? Sit der in ritme yn? Kinst dat lûd meitsje mei dyn lichem en stim (body-sound)?

2.Soundscap meitsje: De bern nimme yn twatalen lûden op yn de natuer/omjouwing mei ipad of telefoan. Dat bewurkje se eventueel mei in digitaalprogramma ta in muzykstik. Se kinne der ek der Fryske wurden of sinnen byprate.

3.Presentearje: Lit it as lêste oan inoar hearre. Fine se it noflik hearren en wêrom? Yn hokker lânskip wienen se?

5. De Inktfluencer

Taaldoel: Kin in gedicht skriuwe (skriuwe B1).

Ynhâldsdoel: In Haiku skriuwe oer de natuer.

1.Ynspiraasje: Fertel: 'Do hast troch it filosofysk petear ûntdutsen wat dyn boskfiguer lokkich makket. Hjoed skriuwe we yn twatalen in Haiku oer de natuer wer fanút it perspektyf fan in natuerfiguer. In Haiku fertelt ien momint en hat in bepaalde opbou. Dy sjocht der sa út:

-It hat 17 lettergrepen-It is ien sin-It hat 3 rigels (rigel 1=5 lettergrepen, rigel 2=7 lettergrepen, rigel 3=5 lettergrepen)-It hoecht net te rymjen!

2.Ferwûnderje: Skriu op it boerd:

Tusken de tegels

sjoch ik mei myn giële kop

benaud nei de skuon

Bepraat mei elkoar: Is dit in Haiku? Wêr sjochst dat oan? Welk natoerfiguer hat dit skreaun?

3.Meitsje: Lit de bern yn twatalen in Haiku skriuwe oer de natoer en fanút it perspektyf fan in natoerfiguer.

4.Bewûnderje: Elk twatal lêst de Haiku foar. Wa fertelt dizze Haiku (hokker natoerfiguer?) Is it in echte Haiku?